

Utnûging foar de gearkomste op **sneon 1 febr.** middeis om 13.30 oere yn de *GysbertJapicx-seal* fan **TRESOAR**, Bûterhoeke 1, Ljouwert.

Parkeare kinne jo yn de parkeargaraazjes Oldehoofsterkerkhof.

Wurklist,

1. **Iepenjen**
2. **Meidielings en ynkommen stikken**
3. **Ferslach** fan 30 novimber '19 (bylage)
4. **De Menisten fan it Wytfean**
troch: **Elly Pacanda-Bolier** (hjr njonken)
5. **Skoft**
6. **Fragen foar de fragenmiddei fan 1 febrewaris (nei it skoft)** kinne foar 15 jannewaris 2020 digitaal stjoerd wurde nei Gosse van der Plaats g.vanderplaats@knid.nl. Fragen wurde allinne besprutsen as de fraachsteller foar taljochting en ûntfangst antwurden op dy datum yn 'e seal is!
7. **Omfreegjen**
8. **Sluten**

Data 2020: 1 febrewaris, 14 maart (mei NGV), 4 april 2020, 18 april (ekskurzje, organisaasje NGV), 19 sept, 31 okt en 28 nov.

Oant 1 febrewaris,
Dr. Jabik van der Bij (skriuwer.)

De Menisten fan it Wytfean

troch: **Elly Pacanda-Bolier**

It Wytfean leit tusken Eastermar en De Rottevalle en stiet bekend as in streek dêr't yn de jierren 1600-1620 benammen doopsgesinde ferfeanters, de lettere boeren, wurken en wennen. Flechtlingen út Switserlân soene hja west ha. De namme Benedictus kaam hjir in protte foar. In roomske namme yn in meniste geslacht. Dêr moat in ferhaal achter sitte!
(foto: Fermanjepôle)



Elly Pacanda ûndersiket al hiel wat jierren it geslacht Benedictus, har foargeslacht fan memmekant. Nei yntinsyf sneupwurk en ferlykjen fan gegevens, koe de troch har fûne betiidste Benedictus wat mear "smoel" jûn wurde, mar de Switserske komôf bleau ûndúdlik.

Hjirmei wie it 2e ûndersykstema in feit. Oan 'e hân fan beskikber histoarysk materiaal en skreaune útspraken fan û.o. famyljeleden koe in skets makke wurde fan de âlde doopsgesinde gemeente 't Wytfean. Dit levere sa'n spesifyk byld op dat it sykproses Wytfean-Switserlân begjinne koe. Der sil ferteld wurde oer de befiningen fan dit sykproses, in proses dat noch altyd trochgiet.



Elly Pacanda-Bolier, (Smellingerlân, 1946) studearre ôf oan de Radboud Universiteit Nijmegen yn de pedagogyske en andragogyske wittenskippen. Sy hat 20 jier wurke yn it ûnderwiis en hat ek sa'n 20 jier lieding jûn oan ynnovative projekten yn de sûnenssoarch.

Tresoar Boterhoek 1, Ljouwert. Parkeare mooglik yn de garaazje Oldehoofsterkerkhof. Sjoch ek de webside: <https://www.fryske-akademy.nl/nl/genealogy>

Belangstellenden binne fan herte wolkom op dizze gearkomste!